

Gemeenteried Tytsjerksteradiel

Burgum, 26 maaie 2025

ons kenmerk : 25ZG285740
dossier : 202505269124
behandeld door : Renny van der Wal
telefoonnummer : 14 0511
uw brief van :
uw kenmerk : @
onderwerp : Ontwerp Nationaal Programma Ruimte voor Defensie

Achte leden fan de gemeenteried,

Definsje hat oanjûn dat Fleanbasis Ljouwert net yn oanmerking komt foar útwreiding fan de jachtfleantúchkapasiteit. Dat ha se dien yn in brief oan de Twadde Keamer. Dit betsjut dat de fleankapasiteit op de basis gelyk bliuwt en der gjin taname wêze sil fan it tal fleanbewegingen bûten de besteande ôfspraken.

Mei de ûntwerp-beliedsfisy berikt Definsje in wichtige mylpeal yn it kreëarjen fan romte foar it ree meitsjen fan de Nederlânske kriichsmacht op de fûneminteel feroarjende feilichheidssituaasje. Allinnich in goed trainde en útriste kriichsmacht kin effektyf har rol ferfolje. Dit freget romte om opliede te kinnen en oefenje te kinnen en romte foar húsfesting fan persoanen en materieel.

Wy slute ús oan by it statement fan de gemeente Ljouwert; dit is posityf nijs foar de omwenners fan de Fleanbasis yn Ljouwert no't der gjin taname komt fan it tal fleanbewegingen op dizze fleanbasis. Fansels freegje wy Definsje om de gefolgen fan it ferlingjen fan de koarte baan foar ús ynweners en de natuer sichtber te meitsjen en hjiroer helder te kommunisearjen nei ynweners en belanghawwenden. Soks jildt fansels ek foar eventuele oare takomstige ûntwikkelings omtrint de Fleanbasis.

Wy gean der fanút dat wy jo hjirmei genôch ynformearre te hawwen.

boargemaster en wethâlders van Tytsjerksteradiel,
de sekretaris/direkteur, de boargemaster,

drs. J. Krul

C. Schokker-Strampel

taheakke: Kamerbrief Ontwerp-beleidsvisie NPRD
Planning 2025 Nationaal Programma Ruimte voor Defensie (NPRD)
Nieuwsbericht Defensie
Algemene FAQ Ontwerp NPRD